



Orgaan foar de Fryske taal

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 3.01
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Programma wurkbesite Galisië 22-25 jannewaris 2020

DINGtiid orgaan foar it Frysk hat yn it ramt fan in ûnderwiisadvystrajekt nei de 'Kennisynfrastruktuer fan it Frysk' in besite brocht oan ynstituten yn Galisië.

Programma wurkbesite

Woansdei 22 en sneon 25 jannewaris 2020 wienen beide reisdagen.

Wurkbesiten op tongersdei 23 jannewaris 2020

- **General Secretary of Language Policy.** Untfangst troch general secretary Valentín García Gómez
- **Ramón Piñeiro Center for Humanities Researches.** Untfangst troch wittenskipsdirekteur Manuel González González.
- **Royal Galician Academy.** Untfangst troch foarsitter Victor Freixanes.
- **Galician Broadcasting Corporation (CRTVG).** Untfangst troch de hear Xaime Arias; ferantwurdlik foar it (online) berik fan it radio- en tvstasjon.

Wurkbesiten op freed 24 jannewaris 2020

- **CEIP Raíña Fabiola** (primêr ûnderwiis yn Santiago de Compostela). Yn skoalle ek moeting mei minister Carmen Pomar Tojo fan Underwiis, Universiteiten en Beropsopliedingen yn Galicië.
- **Regional Centre for innovation and teacher training CAFI**
- **The Galician Language Institute.** Untfangst troch direkteur Xosé Luís Regueira.
- **Galician Culture Council.** Untfangst troch foarsitter Rosario Álvarez.
- **Professor Durk Gorter San Sebastian:** lêzing oer de Baskyske taalsituaasje

Beskriuwing fan de Galisyske ynstituten

General Secretary of Language Policy - Secretaría Xeral de Política Lingüística - SXPL

Dit is in ûnderdiel (ministearje) fan de Galisyske oerheid dy't ferantwurdlik is foar de befoardering fan de Galisyske taal. It jout ek boeken út, mar de promoasje fan boeken yn it Galisysk leit mear by de útjouwers dy't harren hjir dwaande mei hâlde, sa as Editorial Galaxia en Editorial Xerais. Mar de General Secretary of Language Policy subsidiearret it útjaan fan Galisyske boeken wol. Der is in soad wetjouwing oangeande it Galisysk, mar dit is net beskikber yn it Ingelsk.

<https://www.lingua.gal/portada>

<https://www.lingua.gal/to-know/basic-data-on-galician-language> [basis-data oer it Galisysk]

Ramón Piñeiro Center for Humanities Researches - Centro Ramón Piñeiro para a Investigación en Humanidades

It Ramón Piñeiro Center is ferantwurdlik foar it befoarderjen, ûntwikkeljen en fersprieden fan Galisyske projekten en programma's foar taalkundige, literêre, histoaryske en antropologyske stúdzjes. It is ûnderdiel fan boppeneamde General Secretary of Language Policy. It RPC is in wittenskiplik ûnôfhinklik ynstitút, dat finansjeel en formeel ûnder it Galisysk ministearje fan taalbelied falt en dêr ek as in advysorgaan foar tsjinnet. It Center liedt gâns trainees op, dy't letter faak profesjonals fan it Galisysk wurde. It Center wurket in soad gear mei de universiteit fan Santiago de Compostela. <https://www.cirp.es/>

Royal Galician Academy - Real Academia Galega

Dit ynstitút is yn 1906 oprjochte as privaat ynstitút mei in publike oriïntaasje. Royal Galician Academy is ferlykber mei de Fryske Akademy, en docht ûndersyk nei meardere aspekten fan de taal en dêrneist ek nei de kultuer fan Galisië. It hat wol in grutter berik as ús Akademy: se hawwe ferskate Galisyske tydskriften en magazines, en ek in politike partij oprjochte: *Partido Galeguista*, in nasjonalistyske politike partij, dy't yn it Spaanske parlemint fertsjintwurdige is (Mercator, 2016).

De wittenskippers binne lid fan it ynstitút en wurkje ek by oare ynstituten/universiteiten. It Galisysk is in histoaryske taak, ek oangeande it fêstlizzen fan it Galisysk. Sûnt 1983 hat de Royal Galician Academy de wetlike taak om taalregels fêst te lizzen. <https://academia.gal/>

The Galician Language Institute - Intituto da Lingua Galega

It GLI is yn 1961 oprjochte, nei oanlieding fan in nije wet dy't ûndersyk nei Galisysk mooglik makke. In diel fan de leden fan it Galician Language Institute is ek lid fan de Royal Galician Academy. Se wurkje in soad gear mei oare ynstituten, lykas de Royal Galician Academy. It is wichtich én normaal dat der ûndersyk nei it Galisysk dien wurdt – oars binne je net in folsleine taal. Oan de universiteit fan Santiago de Compostela binne elts jier sa'n 50 earstejiers studinten Galisysk foar sawol in bachelor en in master – yn totaal studearje dus ca. 150-200 studinten Galisysk. Al 40 jier lang wurdt elts jier in simmerkursus Galisysk oanbean, foar ca. 75 persoanen. By it Galician Language Insitute wurkje 22 senior ûndersikers en ek wer in protte trainees. Haadtaak is it ûndersykjen en publisearjen op universitêr nivo, mar mei de fokus mear op taalkundich ûndersyk. Dit ynstitút hâldt him ek dwaande mei it oplieden (formacion de expertos) fan ûndersikers en eksperts foar it Galisysk. <https://ilg.usc.es/es>

Galician Broadcasting Corporation - Corporación de Radio Televisión de Galicia – CRTVG

Dizze Galisyske publike stjoerder hat as haadkanaal 'A Galega' (The Galician One), en dit is in Galisysk TV-kanaal. It wie ek it earste folslein Galisyske TV-netwurk. De útstjoeringen binne yn hiel Galisië te ûntfangen en it autonome regear fan Galisië stipet harren. De CRTVG is yn 1983 oprjochte troch de Galisyske oerheid. Sa'n 900 meiwurkers binne ferdielt oer ferskate kantoaren yn Spanje. It budzjet is hast 110 miljoen euro; 85-90% fan it budzjet komt fan de Galisyske oerheid, de oare 10-15% binne ynkomsten út reklame. Haaddoel fan de CRTVG is it befoarderjen fan de Galisyske taal en kultuer. Alle meiwurkers moatte it Galisysk goed kinne. <http://www.crtvg.es/>

CEIP Raíña Fabiola

Skoalle foar primêr ûnderwiis. Mear oer it ûnderwiis yn Galisië yn it Regional Dossier fan it Mercator Reseach Centre. Alle learlingen leare op skoalle it Galisysk, 50% fan de net-taalfakken wurdt yn it Galisysk jûn. Meartalige skoallen (sawol primêr as sekundêr) ha it systeem fan 33% Galisysk, 33% Spaansk en 33% oare taal (bgl. Ingelsk of Frânsk); 30% fan alle skoallen hantearret dit systeem. Mar de sosjalisaasje fan it Galisysk bûten skoalle is, krekt as by it Frysk, hiel dreech.

<http://www.edu.xunta.gal/centros/ceiprainhafabiola/>

**Ministearje fan Underwiis, Universiteiten en Beropspledingen -
Consellería de Educación, Universidade e Formación Profesional**

Dit ministearje is ûnderdiel fan de autonome regearing fan Galisië en de ôfdieling dy't tasjocht op de yntegraasje, it behâld en de promoasje fan it Galisysk yn it ûnderwiis. Op de offisjele webside fan dizze autonome regearing is ien fan de fiif foarnaamste symboalen fan Galisië dan ek de taal.

<https://www.xunta.gal/ceufp>

<https://www.xunta.gal/a-lingua-galega>

Regional Centre for innovation and teacher training CAFI

Dit ynstitút is ferantwurdlik foar de learare-oplieding yn opdracht fan it Ministearje fan Underwiis. It soarget foar ferfolchtrainingen fan dosinten, coaching en advys, as ûnderdiel fan it ministearje fan ûnderwiis. Skoallen ha gjin taalbelied op Galisysk, mar hast alles giet wol yn it Galisysk.

<https://www.edu.xunta.gal/portal/es/cafi>

Galician Culture Council - Consello da Cultura Galega

Dizze Galisyske kultuerried is by wet yn 1983 oprjochte en is sûnt 2000 knap groeid. It is in publyk ynstitút, sawol polityk as ynstitúsjoneel ûnôfhinklik. Se lizze ferantwurdling ôf oan it Galisyske parlemint en binne ek foar in diel advysorgaan. Dizze ynstânsje hat de promoasje fan de Galisyske kultuer as wichtichste taak. Hjoed-de-dei wurde de measte publikaasjes troch de Galician Culture Council sels útjûn, út en troch ek troch of yn gearwurking mei it Observatory of Galician Culture. Dy ynstelling is ûnderdiel fan de Galician Culture Council en leit him foaral ta op kwalitatyf en kwantitatyf ûndersyk nei it gebrûk fan Galisysk, mar hâldt ek op kultureel gebiet alle sifers by, sa spesifyk as bg. hoefolle minsken oft er elk jier nei in bioskoop yn Galysië gean. It ynstitút hat ek de taak de Galisyske oerheid te advisearjen oangeande kulturele en sosjolingwistyske ûnderwerpen. Yn de Council binne de oanwiisde Galisyske kulturele en edukative ynstituten fia leden fertsjintwurdige. Sa wurkje se gear en witte se wat der spilet by universiteiten, lokale gemeenterieden, Royal Galician Academy en oare ynstituten, kulturele organisaasjes, etc. Der is fansels wol oerlaap yn it wurk, mar it netwurk besiket wol te foarkommen dat dat tefolle bart. De Council hat 30-32 meiwurkers en in budzjet fan sa'n € 2,5 miljoen.

<http://consellodacultura.gal/>

<http://observatorio.consellodacultura.gal/>